Skriftlike fragen

Skriftlike fragen konfoarm artikel 33 fan it Reglemint fan oarder foar gearkomsten en oare wurksumheden fan de ried fan de gemeente Waadhoeke 2023.

Underwerp: Skriftlike fragen oer tagonklikens fan bushaltes foar rolstoelgebrûkers

---

De fraksje fan FNP hat de folgjende fjouwer fragen oan it kolleezje:

1. **De eigen bushalte**

Is it kolleezje derfan op ’e hichte dat de bushalte ticht by it gemeentehûs net tagonklik is foar rolstoelbrûkers? Is it kolleezje ree om dizze halte op koarte termyn oan te passen oan de CROW-noarmen?

2. **De oare bushaltes**

Hat de gemeente yn byld hoefolle bushaltes yn Waadhoeke selsstannich tagonklik binne foar minsken mei in lichaamlike of fisuele beheining?

3. **It belied**

Hat it kolleezje konkrete doelen om de tagonklikens fan bushaltes struktureel te ferbetterjen, yn oerienstimming mei it Feriene Naasjes-ferdrach foar de rjochten fan minsken mei in beheining út 2006, sa’t dy yn Nederlân yn 2016 ynfierd is?

4. **Wurk mei wurk meitsje**

Is it kolleezje ree om ôf te sprekken dat by elke takomstige dykrekonstruksje, doarpsfernijing of ûnderhâld oan trottoirs, bushaltes fuortendaliks tagonklik makke wurde?

Taljochting:

Elkenien moat selsstannich mei de bus kinne. Mar foar in soad rolstoelbrûkers is dat yn Waadhoeke noch lang net fanselssprekkend. Koartlyn hawwe wy praten mei in jonge ynwenner mei út Frjentsjer mei in lichaamlike beheining. Sy is ôfhinklik fan in elektryske rolstoel wol graach gebrûk meitsje fan it reguliere iepenbier ferfier. De bussen binne modern, en rolstoelgebrûkers kinne hiel faak gewoan meiride. Dat jout har frijheid en selsstannigens. Gjin taksybus reservearje hoege, gjin ûnwissichheid oft dy wol komt, as hoe let en gjin ûnnedige omwegen troch de regio. De bus komt hieltyd wol wer, wiene har wurden.

Mar dan moatte de bushaltes wol tagonklik wêze. En dat blykt dus net oeral sa te wêzen. In soad bushaltes binne net geskikt foar rolstoelbrûkers. En it pynlikste foarbyld stiet hjir flak by: de bushalte foar it Park dy’t ek foar ús eigen gemeentehûs brûkt wurdt, is koartlyn prachtich opknapt, mar is net selsstannich te brûken troch rolstoelbrûkers fanwege de hege stoeprânen. Dat it wól goed kin blykt út de bushalte by Saxenoord.

Datum: 4-11-2026
Bert Vollema
Ut namme fan de fraksje(s) fan: FNP